

De Skoskerinner sjit tekoart, mar boeit ek

FD 15-3-'18

troch Jaap Krol

Henk Kroes is in man mei meardere gesichten. Hy is bygelyks natuerbeskermer, mar ek alvestêdeman, fytser en beropsfoarsitter. Al dy fasetten út it libben fan Kroes komme oan bar yn De Skoskerinner fan gearstaller skriuwer Eppie Dam.

It boek is rom fan opset: mar leafst tritich haadstikken binne ferdield ûnder trije tema's ('Wetter en fjoer', 'Snie en iis' en 'Fier en hein'). Elk haadstik is wer foarsjoen fan in motto.

Doe't ik dit boek yn hannen krige, tocht ik: wat in tsjok boek oer Henk Kroes. Der binne nammentlik tûzenen Henk Kroesen. Se wurkje as personiëlsjef en binne foarsitter fan de tûnferiening. It feit dat in yn dit gefal in bekende foarsitter syn libbensferhaal fertelt, is dat no in boek wurdich?

Wat is der eins bysûnder oan it ferhaal fan Henk Kroes?

Dy wat skerp formulearre fraach stel ik, om't ik ûnderfûn ha dat ik al lêzende eins net hiel ticht by Kroes kommen bin. In opskreaun libbensferhaal kin net sûnder begjin. Elk mins is in samling earste yndrukken. As bern hat Kroes twa kear meimakke dat de pleats yn de hens fleach. It is spitich dat dy nei alle gedachten yngripjende barrens net safolle gewicht hawwe yn dit ferhaal. En wa binne/wiene heit en mem no echt? En de broers? In libbensferhaal wurdt pas nijsgjirrich as de lêzer de haadpersoan begripe kin, syn motivaasjes ynsichtlik meitsje kin. Fansels is Kroes ek opgroeid mei wetter, lân en bisten, mar dat is net genôch.

Yn dat ljocht binne Kroes syn relazen oer syn lange fytstochten foaral nijsgjirrich om't se fertelle dat er in deagewoane, hiele aardi-

ge man is, dy't yrritearre rekket as er te krijen hat mei argewaasje yn de groep. Mar faak is Kroes ek in personiëlsjef, dy't foarsitter is fan de tûnferiening.

Te lang

De Skoskerinner is te lang. Guon stikken út it boek binne gewoan oerstallich, omdat se harsels werhelje. Yn haadstik 28 bygelyks fertelle sân relaasjes fan Kroes oer de man. It binne mienings dy't eins yn it hiele boek weromkomme. As ik dan it motyf fan tv-makster Gryt fan Duinen ('Henk is sa't we Friezen graach ha wolle: gewoan en tagelyk bysûnder') lês, sakket de broek my hast ôf. Nei de tiidtafel en it hagiografyske slotwurd fan Eppie Dam dy't dan noch folgje, de ûnderbroek ek. Ik bin dan op side 385 (!) en bin noch net tichter by Kroes. Weromlêzjend fyn ik it dan sels pretinsjeus wurk, betiden

grotesk troch oanhelle bibelsitaten en heechdravende poëzy. Lit ik der net omhinne draaie: as biografy is De Skoskerinner net slagge.

Miskien moat ik it boek oars hifkje, nammentlik troch Kroes te lêzen sa't ik him ken, as foarsitter fan it Fryske Gea en de Alvestêdeferiening.

De haadstikken oer syn drege spagaat as natuer-man én boeresoan by de kwestjes om it rekraasjeplan It Wiid-Súd by Earnewâld (om 1992 hinne) en de hektyk om it EHS-plan (Ecologische Hoofdstructuur) yn Gaasterlân (1995) binne út dat perspektyf wei boeiende skiednissen. Sakelju, boeren en natuerbeskermers dy't fjochtsje om haren belangen feilich te stellen, dat lêst as in trein.

En de alvestêdetochten fansels. Einlings ris gjin hoempa en heroik, mar gewoan it ferhaal achter de skermen. It al of net trochgean,

de spanning fan de hiele dei, de druk op de skouders fan Kroes yn de kwestje ledestop, se mêtsje dizze histoaryske barrens allinnich mar moaier. Al dizze haadstikken binne spannende ferhalen, dy't my aardich yn de besnijing hiene, ferhalen dêr't Kroes as âld-organisator en kenner in echte ferteller is. Eppie Dam hat hjir mei syn treflike dokumintaasje prima wurk ôfleverre. It brede skala oan sitaten, brieven en kranteberjochten binne prachtige yllustraasjes.

Dat wa is Henk Kroes? 'Henk Kroes is net foar ien gat te fangen,' skriuwt Dam. Henk Kroes is hielendal net te fangen, fyn ik. Mar dat nimt net wei dat dit boek op ferskate haadpunten tige nijsgjirrich is.

Eppie Dam, De Skoskerinner. De wei fan Henk Kroes, Uitgeverij Van Wijnen, 2007, 34,90 euro